

Liturgy: Snein 8 febrewaris 2026, 9.30

Foargonger: dû. Wybe Feenstra

Oargelist: Joop Lameris

Âlderling fan tsjinst: Joeke van der Heide

Beamertsjinst: Simon Bosma en Wietse Pals

De oargelist spilet

Sjonge foar de tsjinst: Liet 444: 1 o/m 5

1. It daget yn it easten.

Hy komt, it ljocht allyk.

Hy sil de folken treaste

en ivich is syn ryk.

2. It tsjuster is ferjage

fan de_iuwenlange nacht.

No riist in nije dage,

in moarntiid fol fan pracht.

3. En al wa't finzen sitte,

bedrige troch de dea,

fan God en mins ferlitten,

begroetsje_it moarntiidsread.

4. De ûnbetwingbere sinne,

dy't ús de dage brocht

en sil de nacht oerwinne,

Hy, Kristus, 't ivich ljocht!

5. It daget al yn 't easten.

Hy komt, it ljocht allyk.

Hy sil de folken treaste

en ivich is syn ryk.

Wolkom en meidielings

Sjonge yntochtspsalme: 27: 1

1. God is myn ljocht en heil op wa't ik bouwe,

by wa't ik skûlje kin yn feilichheid.

Hoe soe 'k dan fan fijannich folk besauwe,

dat as in leger om my hinne leit?

Al wolle hja manmachtich oer my gear,

ik bin net bang, myn taflecht is de Hear.

Hja stuitsje_en falle foar Gods hege wil:

Hy is 't dy't my behâlde_en rêde sil.

Bemoediging en groetnis

Sjonge Liet 272: 1

1. Wy sykje yn jo hûs jo leaflik antlit, Heare.

Nei frede smachtsje wy, nei stille ynlikheid.

Lit ús fan Jezus sels, dy't op in berch wie, leare

yn geast en wierheid Jo te kennen as ús Heit.

Koarte ynlieding op de tsjinst

Kyriegebed:

a) Sjonge: Liet 463: 1, 2 en 3

1. Leave, mylde Sinne,
kom en rêd har no
dy't yn tsjuster binne
en noch wachtsje_op Jo.

2. Jo dy't minsken treaste
roppe wy hjir oan:
jou de nammeleazen
nammen nij en skoan!

3. Nim se yn jo hoede
dy't yn 't tsjuster gean,
kear har lot te'n goede,
ljocht yn ús bestean.

b) Sprutsen tekst

Sjonge glorialiet 305: 1,2 en 3

1. Alle eare, alle gloarje
jildt ús God, de Trije-yn-ien!
Wol ek hjoed de frede fiere
dy't Hy bringt yn ús bestean.
God fan ljocht, / dy't ús socht,
wês yn leafde_ús tagedien!

2. Alle eare, alle gloarje
jildt de erfgenamt, de Soan!
Hy jout ús in nije namme,

c) Sjonge: Liet 463: 6,7 en 8

6. Kyrie eleison,
jou jo waarmtegloed,
wol ús kjeld ferdriuwe
mei jo leafdegloed.

7. Christe eleison,
klinkt it kear op kear.
't Is ús rop fan langstme:
kom mei hasten, Hear!

8. Kyrie eleison,
wês genedich, Hear!
bring ús nei de moarntiid
wachtsje no net mear.

syn genede bliuwt aloan.
Ljocht út ljocht, / dat ús socht,
stek ús mei jo strielen oan.

3. Alle eare, alle gloarje
jildt de Geast dy't libben bringt,
dy't de ienheid yn ús azemt,
flam, dy't ús betrouwen skinkt!
Kom ús oer / leafdefjoer,
dat ús lofliet ivich klinkt!

Gebed fan de snein

Sjonge: Samen in het licht (dêrnei geanne de bern nei de bernetsjerke)

Wij gaan voor even uit elkaar,
En delen nu het licht.
Dat licht verteld ons iets van God.
Op Hem zijn wij gericht.

Wij geven Gods verhalen door,
En wie zich open stelt,
Ervaart misschien een beetje licht,
Door wat er wordt verteld.

Straks zoeken wij elkaar weer op,
En elk heeft zijn verhaal.
Het licht verbindt ons met elkaar,
Het is voor allemaal.

De bern geanne nei de bernetsjerke

Lêzing út de Profeten: Jesaja 60: 1 o/m 5a

1. Kom oerein, Sion, strielje fan ljocht,
want it ljocht foar di is kommen,
en de gloarje fan de Heare falt oer dy.
2. Al is it dan rûnom nacht op ierde
en sitte de naasjes yn it tsjuster,
op di lit de Heare syn ljocht falle
en syn gloarje skynt oer dy.
3. Heidenfolken sille op dyn ljocht ôfkomme
en keningen op de glâns dy't oer dy strielet.
4. Slach de eagen op en sjoch om dy hinne:
Se komme allegear byinoar en sette op dy ta,
dyn soannen komme fan fierens,
en dyn dochters wurde hjirhinne droegen.
5. Ast dat sjochst, silst opfleurje,
en dy sa ferromme fiele, datsto der oars fan wurdst.

Sjonge Liet 601: 1,2 en 3

1. Ljocht dat ús ropt oerein te kommen,
foartidich ljocht yn de_iere moarn,
wy stean hjir iensum en ferklomme,
oerspiel ús, ljocht, en fjurje_ús oan.
Dat wy net yn it tsjuster falle,
swiermoedich, swak en sûnder nocht,
fan gjin genede witte wolle,
sa doelleas en fan nimmen socht.

2. Ljocht, fan myn stêd de stedehelder,
oanhâldend en oerwinnend ljocht.
Myn Heite ljocht en steefêst skouder,
draach my, jo bern dat nei Jo sjocht.

Ljocht, bern yn my, sjoch út myn eagen
oft earne al in wrâld ferskynt
dêr't minsken libje minskewearldich,
dêr't elk yn frijheid frede fynt.

3. Alles wurdt wei en sil tebrekke,
is it net ikere_op it ljocht.
Unfruchtber, leech is al ús sprekken,
ús dieden binne om 'e nocht.
Ljocht mei in stim dy't is te hearren
salang't ús hert slacht, sûnder mis.
Jo, leafste minskesoan, earstberne,
ljocht, lêste wurd fan Him dy't is.

Evangeljelêzing: Mattéus 5: 13 o/m 16

13. Jimme binne it sâlt fan de ierde. As it sâlt syn sâltens kwyttrekke is, wêr kin men it dan wer sâlt mei krije? It doocht nearne mear ta as om op strjitte smiten en troch de minsken fertrape te wurden.
14. Jimme binne it ljocht fan 'e wrâld. In stêd dy't op in berch leit, moat wol yn it each falle.
15. Ek stekt men gjin lampe op om dy ûnder de nôtmjitte te setten, mar men set him op 'e stander. Dan jout er ljocht foar elkenien dy't yn 'e hûs is.
16. Sa moat jimme ljocht skine foar de minsken. Se moatte jimme goede deden sjen en sa jimme Heit yn 'e himel ferhearlikje.

Sjonge Liet 838: 1

1. O grutte God, de leafde sels,
o Heit op wa't wy bouwe,
kom yn ús hert, dat wy ússels
yn leafde oan Jo jouwe.
Meitsje_ús it ljocht fan dizze wrâld
en foar de ierde sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze,
jo wierheid iepenlizze.

Preek

Sjonge Liet 286: 1,2 en 3

1. Dêr't de minsken dwale yn it tsjuster,
wolle wy ús rjochtsje nei it ljocht,
sjoch it ljocht dat God ús joech yn Jezus,
sjoch de minske dy't ús klearens brocht.

refrein:

Want it ljocht sil fan it tsjuster winne,
hoe't de nacht ek tsjin de dage focht;
ek al krûpe skaden om ús hinne,
altyd rjochtsje wy ús nei it ljocht.

2. Dêr't de minsken lije ûnder ûnrjocht
yn in wrâld dy't mar gjin frede fynt,
ha betrouwen, draach it krús mei freugde,
der is ljocht dat wint en noait ferdwynt.

refrein

3. Stek in kears oan midden yn it tsjuster,
as in teken yn in bange tiid,
dat ús libben net op wanhoop útrint
en dat frede fierder bringt as striid.

refrein

Tankgebed en foarbea

Ynsamling fan 'e jeften

1ste kollekte is foar: Noodhulp (Zuid-Soedan)

In april 2023 brak een burgeroorlog uit in Soedan. Een vergeten ramp. Volgens de VN de grootste ter wereld. Honderdduizenden mensen zijn sindsdien omgekomen. Zeker 25 miljoen mensen worstelen om iedere dag te overleven. Meer dan 10 miljoen Soedanezen zijn op de vlucht in eigen land en 4 miljoen zijn naar het buitenland gevlucht.

2^{de} kollekte is foar it Tsjerke

3^{de} kollekte is foar ûnderhâld fan de gebouwen

Sjonge Liet 415: 1 en 2

1. Nim ús yn jo hoede,
seingje_ús mei jo goedens.
Hef jo antlit oer ús, Hear,
dat jo ljocht skynt mear en mear.

2. Bring troch jo genede
yn ús hert jo frede
en bliuw mei de krêft ús nei
fan jo Geast by nacht en dei.

Sinding en segen

Sjonge Liet 415: 3

3. Amen, amen, amen!
Oan jo hillige namme,
Jezus Kristus, bringe we_ear,
seingje_ús mei jo leafde, Hear!